

Parseberjocht

SIRKWY SEMINAR

FRYSKE LITERATUER

Yn it kommende winterseizoen organisearret útjouwerij Audiofrysk in seminar oer de stân fan saken yn de Fryske literatuer fan de 21ste ieu.

Yn fjouwer lêzingen wurde respektivelik poëzij, toaniel, proaza en it libbensferhaal útdjippe. Nei ôfrin fan it seminar ferskynt in harkboek mei de fjouwer lêzingen, de teksten komme op www.sirkwy.nl en boppedat stiet publikaasje yn in tydskrift yn de planning.

De earste fan de searje is dit jier:

30 nov. poëzij: Hylke Tromp *De tromp fan Driessen*, oer de Fryske dichtkeunst fan 2000-2010.

De oare lêzingen binne op:

11 jan. *It ferlies foarby* – Bouke Oldenhof oer it toaniel yn Fryslân.

25 jan. *Spegelskrift* – Alpita de Jong oer it Fryske proaza.

8 feb. *It libben sels* – Doeke Sijens oer it biografyske yn de Fryske literatuer.

De lêzingen wurde holden yn Tresoar, op tiisdeitejûn fan 20.00 oant 22.00 oere.

Tagongspriis: 5 euro, passepartout 15 euro, studinten heal jild.

Reservearje op www.audiofrysk.nl.

Foar it seminar wurket Audiofrysk gear mei Tresoar, Taalburo Popkema, de Bibliotheekservice Fryslân en de Fryske Akademy.

It seminar krijt stipe fan de provinsje Fryslân, Je Maintiendrai, Feitsma Fûûns fwar it Frysk, Douwe Kalma stifting en it FLMD-fûns.

Ynhâld lêzing op 30 novimber:

Poëzij: **De tromp fan Driessen** - Hylke Tromp

Nei in yntroduksje fan himsels as akteur yn it Fryske literêre fjild en in algemiene evaluaasje fan dichterskip, jout Hylke Tromp in frij wiidweidich oersjoch fan wat der de lêste tsien jier ferskynd is. Dêrby giet it om in persoanlik ferhaal oer de aard fan en de poadia foar de dichtkeunst yn ús provinsje.

Mei help fan foarbylden en in eigen ynterpretaasje besiket er dêrnei de earste dekade fan de ienentweintichste ieu troch te ljochtsjen. Sa besiket er in antwurd te krijen op syn wurkfraach: Fryske poëzij, wat stelt it foar?

Gegevens oer de skriuwers

Hylke Tromp (1944) studearre Nederlânsk yn Grins en waard learaar. Oant 2010 wie er Frysk bestjoerslid fan it Nederlands Literair Vertalingen en Productie Fonds. Hy joech skriuwkursussen, û.o. by Tresoar. Ien fan dy kursussen late ta de brieveroman *Yn 'e wyn* (2008), skreaun troch seis kursisten. Sa út en troch wurket er mei oan literêre programma's fan Omrop Fryslân.

Bouke Oldenhof (1957) studearre Nederlânsk en Frysk yn Grins en teaterwittenskip yn Amsterdam. Hy hat wurke as learaar, dramaturch en koördinator literatuerbefoardering. Sûnt 1998 is er fulltime toanielskriuwer. Inkelde stikken: Rolbrug, Medusa, Kooibos, Hanebuurt,

Abe!, Lette ropping. Hy is ôfstudearre yn de teaterwittenskippen op it neioarlochske oarspronklik Frysk toanielrepertoire.

Alpita de Jong (1962) studearre algemiene literatuerwittenskip en Italjaanske taal- en letterkunde yn Leiden. Sûnt 1998 publisearret se oer de Fryske literatuer. Se wurke as dosint Fryske letterkunde oan de Universiteit fan Amsterdam en promovearre dêr yn 2009 op in proefskrift oer Joast Halbertsma syn kontakten mei oare taalgearden yn Europa.

Doeke Sijens (1955) skriuwt yn it Frysk en it Hollânsk oer literatuer en keunst. Hy publisearre yn 2001 in biografy fan Reinder Brotsma: *Sa'n tûzen blauwe skriften*. Dit jier besoarge er in mânske ferhalebondel fan dy skriuwer ûnder de titel *Spegel fan Fryslân* en wurke er mei oan de essaybondel *De wrâld fan Brotsma*.

Mear ynfo: Jan Schotanus, Audiofrysk, 058-2501465, www.audiofrysk.nl